

OPRJOCHTING EN KARBRIEF FAN IN STIFTING

(bertedata en identiteitspapieren (soarte en nûmers) binne fuort litten op de dizze webside)

Hjoed, twa juny twatûzennjoggen, ferskynden foar my, mr Gjalt Sjoerd van der Hem, notaris fêstige yn Jorwert (gemeente Littenseradiel):

1. de hear Ellert Jongstra, wenjend yn 9171 LV Blije Voorstraat 24C,
2. de hear Paul Hekstra, wenjend yn 8935 LZ Leeuwarden, Keizerskroon 134,
3. de hear Wijbe Koehoorn, wenjend yn 9051 PP Stiens, Boeier 1,
4. de hear Hinne Tjeerd Wagenaar, wenjend yn 9088 AB Wirdum, Legedyk 20.

De ferskynde persoanen ferklearren mei dizze akte:

YNLIEDING

- dat it selskip: Kristlik Frysk Seiskip, fêstige yn Ljouwert, ophâlden is mei syn aktiviteiten; dit is besluten op de ledegearkomste fan achtentweintich febrewaris twatûzennjoggen;
- dat dêrom, en om mear oan te sluten op de deistige gong fan saken, besluten is om in nije stifting op te rjochtsien, ûnder mear as fuortsetting fan it wurk fan it Kristlik Frysk Selskip;
- dat dêrom der in stifting oprjochte wurdt, dêr't it neikommende karbrief foar jildt.

KARBRIEF

Namme en sit

KEST 1.

1. De stifting hat de namme: **Stifting Krúspunt; Frysk Oekumenysk Platfoarm.** Fuortsetting fan it wurk fan it Kristlik Frysk Selskip 1908-2008.
2. Hy hat syn sit yn de gemeente Leeuwarden.

KEST 2

1. De stifting hat as doel:
 - a. it foarmjen fan in moetingplak dêr't ynformaasje oer it brûken fan it Frysk of de Fryske streektalen yn en om de tsjerken útwiksele wurdt, en dêr't aktiviteiten op dat mêd koördinearre en stimulearre wurde.
 - b. it ferrjochtsjen fan alle fierdere hannelings dy't mei it foarôfgeande yn de romste sin ferbân hâlde ôf dêrta fertuten dwaan kinne.

KEST 3

De stifting jout oan organisaasjes, dy't har mei it doel fan 'e stifting ferienigje kinne, de mooglikheid om har oan te slúten as dielnimmende organisaasje. De stifting ken stipers: allinnich yndividuele persoanen kinne stiper wurde.

Bestjoer, gearstalling, wize fan beneamen (en beleanjen)

KEST 4

1. It bestjoer fan de stifting bestiet út in troch it bestjoer fêst te stellen tal fan op syn minst trije en op syn meast sân bestjoerders. In rjochtspersoan kin gjin bestjoerder wêze. Alle jierren yn 'e moanne jannewaris stelt it bestjoer it tal besjoerssitten foar dat jier fêst. As dêrtroch fakatueres yn it bestjoer ûntsteane, ôf der binne dat jiers fakatueres te ferwachtsjen troch it ôfgean fan bestjoersleden, of der binne besteande fakatueres, dan noaget it bestjoer de dielnimmende organisaasjes út om foar april fan itselde jier nammen fan kandidaat-bestjoersleden oan te dragen. Yn 'e moanne april kiest it bestjoer út 'e oandroegen kandidaat- bestjoersleden safolle bestjoerders as dat nedich is. It bestjoer makket de nammen fan 'e nije bestjoerders oan de dielnimmende organisaasjes en de stipers bekend, tagelyk mei de útnoeging foar de jiergearkomste (kêst 6, 2).
2. De ferkiezing fan in nij bestjoerslid is in bestjoersbeslút dat pas yn wurking giet, neidat de mearderheid fan 'e stipers dy't op 'e jiergearkomste oanwêzich binne it ferkiezingsbeslút goedkard hawwe.
3. Kart op 'e jiergearkomste de mearderheid fan 'e oanwêzige stipers it ferkiezingsbeslút

goed, dan is it oanbelangjende bestjoerslid fan dat stuit ôf bestjoerslid yn folle rjochten en plichten.

4. Kart op 'e jiergearkomste de mearderheid fan 'e oanwêzige stipers it ferkiezingsbeslút net goed, dan is dêrmei it ferkiezingsbeslút neatich wurden en is de oanbelangjende bestjoerssit op dat stuit wer fakant. It bestjoer hat dan it foech om him werom te lûken en in nij bestjoerslid te kiezen út 'e earder foardroegen bestjoerskandidaten en it nije ferkiezingsbeslút oan de oanwêzige stipers ta goedkarren foar te lizzen, of om de fakatuere bestean te litten.
5. As in bestjoerslid op 'e yn lid 4 fan dit kêst beskreaune wize beneamd wurdt, makket it bestjoer binnen fjirtjin dagen nei de jiergearkomste de namme fan it nije bestjoerslid oan de dielnimmende organisaasjes en alle stipers bekend.
6. De besljoerders wurde beneamd en tydlik bestjoerslid-ôf makke troch it bestjoer. Yn fakatueres moat sa gau mooglik foarsjoen wurde. It bestjoer kiest út syn midden in foarsitter, in skriuwer en in ponghâlder. De funksjes fan skriuwer en ponghâlder kinne troch ien persoan ferfolle wurde.
7. De bestjoerders wurde beneamd foar in termyn fan fjouwer jier, en kinne nei ôfrin fan dy termyn ien kear oanslútend op 'e nij foardroegen en beneamd wurde.
8. Yn gefal fan ien ôf mear fakatueres yn it bestjoer hâldt it bestjoer syn foegen.
9. De bestjoerders krije gjin beleanning foar harren wurksumheden. Hja hawwe wol rjocht op in fergoeding fan de kosten dy't hja by it útoefenien fan harren funksje needsaaklik makke hawwe.

Bestjoer: taak en foegen

KEST 5

1. It bestjoer is belêste mei it bestjoeren fan de stifting.
2. It bestjoer hat gjin foech om te besluten ta it oangean fan oerienkomsten ta winning, ferfrjemding en beswierring fan registergoed.
3. It bestjoer hat gjin foech om te besluten ta it oangean fan oerienkomsten dêr't de feriening him as boarch of solidêre meiskuldner by ferbynt, him foar in tredde sterk makket of him ta wissichheidstelling foar in skuld fan in oar ferbynt.
4. Erfstellings meie allinnich ûnder it foarrjocht fan boelbeskriuwing oanfurdige wurde.

Bestjoer: gearkomsten

KEST 6

1. De gearkomsten fan it bestjoer wurde holden yn Fryslân op it plak dat yn de opropping oanjûn is. Sjoen it karakter fan dizze stifting sil de fiertaal Frysk wêze, mar it bestjoer hat it foech om dêr yn foarkommende gefallen fan ôf te wiken.
2. Alle jierren binnen seis moannen nei ôfrin fan it boekjier wurdt in iepenbiere gearkomste fan it bestjoer (de jiergearkomste) holden, dêr't yn alle gefallen it fêststellen fan de balâns en de steat fan baten en lêsten yn oan de oarder komt. Alle stipers en dielnimmende organisaasjes wurde foar dizze jiergearkomste útnoege.
3. Fierders' oan wurde gearkomsten holden, wannear't ien fan de bestjoerders dêrta de opropping docht.
4. It opropjen ta de gearkomste bart op syn minst sân dagen yn it foar, de dei fan it opropjen en dy fan de gearkomste net meirekkene, troch de wei fan in opropingsbrief.
5. In opropingsbrief neamt, behalven plak en tiid fan de gearkomste, de ûnderwerpen dy't behannele wurde sille.
6. De gearkomsten wurde laat troch de foarsitter. As er ôfwêzich is, soargje de bywêzige bestjoerders sels foar de lieding fan de gearkomste. Oan dat stuit ta, sit de bywêzige bestjoerder foar dy't it âldste yn jierren is.
7. De skriuwer notulearret de gearkomste. By ôfwêzigens fan de skriuwer wurdt de notulist

oanwiisd troch dejinge dy't foarsit. De notulen wurde fêststeld en tekene troch dyjingen, dy't yn de gearkomste as foarsitter en notulist fungearre hawwe. De notulen wurde dêrnei bewarre troch de skriuwer.

8. Tagong ta de gearkomsten fan it bestjoer hawwe de bestjoerders dy't yn funksje binne, stipers en organisaasjes, dy 't har mei it doel fan 'e stifting ferienige hawwe, en dejingen dy't dêrta troch it bestjoer ûtnoege binne.

Bestjoer: beslútfarming

KEST 7

1. It bestjoer kin yn in gearkomste allinnich besluten nimme as de mearderheid fan de bestjoerders dy't yn funksje binne, de gearkomste bywennet ôf fertsjintwurdige is. In bestjoerder kin him yn in gearkomste troch in oare bestjoerder fertsjintwurdigje litte neidat in skriftlike folmacht ôfjûn is, dy't neffens it oardiel fan de foarsitter fan de gearkomste foldwoande wêze moat. In bestjoerder kin dêrby mar foar ien oare bestjoerder as folmacht hannelje. Is yn in gearkomste net de mearderheid fan de bestjoerders dy't yn funksje binne bywêzich of fertsjintwurdige, dan wurdt in twadde gearkomste byelkoar roppen, dy't net earder holden wurdt as twa en net letter as fjouwer wiken nei de earste gearkomste. Yn dy twadde gearkomste kin likefolle it tal bywêzige of fertsjintwurdige bestjoerders besletten wurde oangeande de ûnderwerpen dy't op de earste gearkomste op de agenda set wiene. By it oproppen ta de twadde gearkomste moat oanjûn wurde dat en wêrom't in beslút nommen wurde kin likefolle it tal bywêzige ôf fertsjintwurdige bestjoerders.
2. Salang't yn in gearkomste alle bestjoerders bywêzich binne dy't yn funksje binne, kinne jildige besluten nommen wurde oer alle ûnderwerpen dy't oan de oarder binne, mitsdat mei algemiene stimmen, ek al binne de foarskriften foar it oproppen en hâlden fan gearkomsten sa't dy yn it karbrief omskreaun binne, net yn acht nommen.
3. It bestjoer kin mei algemiene stimmen ek bûten de gearkomste besluten nimme. Fan in beslút dat sa troch it bestjoer nommen is, wurdt troch de skriuwer in relaas opmakke, dat nei mei-ûndertekening troch de foarsitter as notulen bewarre wurdt.
4. Elke bestjoerder hat it rjocht ta it útbringen fan ien stim.
Foar safier't dizze statuten gjin gruttere mearderheid foarskriuwe, wurde bestjoersbesluten nommen mei absolute mearderheid fan de jildich útbrochte stimmen.
5. Alle stimmingen yn in gearkomste wurde mûnling dien, of it moat wêze dat ien of mear bestjoerders foar de stimming in skriftlike stimming easkje. Skriftlike stimmingen wurde mei net-tekene, tichte briefkes dien.
6. Blanko stimmen wurde beskôge as net útbrocht te wêzen.
7. Yn alle skelen oangeande stimmingen beslist de foarsitter fan de gearkomste

Bestjoer: defungearjen.

KEST 8

In bestjoerder defungearret:

- a. troch syn fersljerren;
- b. troch it ferlies fan it frije behear oer syn fermogen;
- c. troch syn ôfgean;
- d. troch ûntslach him jûn troch de mienskiplike oare bestjoerders;
- e. troch ûntslach op grûn fan kêst 2:298 Boargerlik Wetboek.

Fertsjintwurdiging

KEST 9

1. It bestjoer fertsjintwurdiget de stifting.
2. It fertsjintwurdigingsfoech komt ek ta oan twa mienskiplik hanneljende bestjoerders, dy't rekkening en ferantwurdiging ôflizze oan it bestjoer.

3. It bestjoer kin folmacht joan oan ien ôf mear bestjoerders, en ek oan treden, om de stifting binnen de grinzen fan dy folmacht te fertsjintwurdigjen.

Boekjier en jierstikken

KEST10

1. It boekjier fan de stifting rint lykop mei it kalinderjier.
2. It bestjoer is ferplichte om fan de fermogenstastân fan de stifting en fan alles oangeande de wurksumheden fan de stifting, neffens de easken dy't folgje út dy wurksumheden, op sa'n wize in administraasje te fieren en de dêrta hearrende boeken, stikken en oare gegevensdragers op sa'n wize te bewarjen, dat dêrút altyd de rjochten en ferplichtings fan de stifting neigien wurde kinne.
3. It bestjoer is ferplichte om alle jierren binnen seis moannen nei ôfrin fan it boekjier de balâns en de steat fan baten en lêsten fan de stifting te meitsjen, op papier te setten en fêst te stellen. (De balâns en de steat fan baten en lêsten wurde ûndersocht troch in troch it bestjoer oanwiisde registeraccountant, accountant-administraasjekonsulint of in oare saakkundige yn de sin fan kêst 2:393 Boargerlik Wetboek. Dy saakkundige bringt oangeande syn ûndersyk ferslach út oan it bestjoer en jout de útslach fan syn ûndersyk wer yn in ferklearring oangeande sekuerens fan de stikken dy't yn it foarige lid bedoeld binne.)
4. It bestjoer is ferplichte om de boeken, stikken en oare gegevensdragers dy't yn de foargeande leden bedoeld binne, foar de doer fan sân jierren te bewarjen.
5. De gegevens dy't op in gegevensdrager oanbracht binne, útsein de balâns en steat fan baten en lêsten dy't op papier set binne, kinne op in oare gegevensdrager oerbrocht en bewarre wurde, mitsdat it oerbringen dien wurdt mei krekte en folsleine werjefte fan de gegevens en dy gegevens ûnder de folsleine bewartiid beskikber binne en yn in ridlike tiid lêsbere makke wurde kinne.

Jildmiddels

KEST 11

De jildmiddels fan de stifting kinne foarme wurde troch:

- a. de ynkomen út it kapitaal en it goed, dê't de stifting ta berjochtige is;
- b. bydragen, krige troch skinking, erfstelling en legaat;
- c. jildlienings;
- d. bydragen fan harren, dy't mei it doel fan de stifting sympatisearje;
- e. bydragen fan harren yn waans belang de stifting oan it wurk is;
- f. alle oare wettige ynkomen.

Reglemint

KEST 12

1. It bestjoer hat it foech en stel in reglemint fêst, dê't dy ûnderwerpen yn regele wurde, dy't neffens it oardiel fan it bestjoer neier regele wurde moatte.
In reglemint mei net stridich wêze mei de wet ôf mei dit karbrief.
I bestjoer hat it foech en wizigje ôf beëinigje it reglemint.
Op de fêststelling, wiziging en beëiniging fan it reglemint is itjinge dat bepaald is yn kêst 131id 1 fan tapassing.

Karbriefwiziging

KEST13

1. It bestjoer hat it foech en wizigje it karbrief. In beslút ta karbriefwiziging moat mei algemiene slimmen nommen wurde yn in gearkomste dê't alle bestjoerders yn bywêzich ôf fertsjintwurdige binne. Sa'n bestjoersbeslút giet pas yn wurking, neidat de

mearderheid fan 'e stipers, dy't op de jiergearkomste oanwêzich binne, it bestjoersbeslút goedkard hawwe.

2. De wiziging moat mei strafdriging fan neatigens mei in notariële akte ta stân komme. Elke bestjoerder ôfsûnderlik is befoege en lit de oanbelangjende akte passearje.
3. De bestjoerders binne ferplichte om in autentyk ôfskrift fan de wiziging en it wizige karbrief del te lizzen op it kantoar fan it hannelsregister.

Untbining en fereffening

KEST14

1. It bestjoer hal it foech en ûntbyn de stifting.
2. Itjinge dat bepaald is yn kêst 13 lid 1 is fan tapassing op it beslút fan it bestjoer ta ûntbining fan de stifting.
3. As it bestjoer beslút ta ûntbinen, wurdt boppedat de bestimming fan it likwidaasjesaldo fêststeld safolle as mooglik is yn oerienstimming mei it doel. Yn oare getallen fan ûntbining wurdt de bestimming fan it likwidaasjesaldo troch de fereffeners fêststeld.
4. Nei ûntbining wurdt de fereffening troch de bestjoerders dien, ôf it moat wêze dat by it beslút ta ûntbining oaren ta fereffeners oanwiisd binne.
5. Nei ôfrin fan de fereffening sille de boeken, stikken en oare gegevensdragers fan de ûntbûne stifting foar de doer fan de termyn dy't de wet foarskriuwt, bewarre wurde troch de persoan dy't dêrfoar troch de fereffeners oanwiisd is.
6. Op de fereffening binne fierders de bepalings fan Titel 1, Boek 2 fan it Boargerlik Wetboek fan tapassing.

Slotbepalings

KEST 15

1. Yn alle getallen, dêr't sawol de wet, dit karbrief of in reglemint net yn foarsjogge, beslist it bestjoer.
2. Under skriftlik wurdt yn dit karbrief ferstien elk berjocht op skrift dat fia de gongbere kommunikaasjekanalen oerbrocht is.
3. It earste boekjier fan de stifting einiget op ienentritich desimber twatûzennjoggen.

Slotferklearring

Ta beslút ferklearren de ferskynde persoanen dat by dizze oprjochting:

- a. it bestjoer bestiet út sân bestjoerders;
- b. yn ôfwiking fan itjinge dat bepaald is yn kêst 4, bestiet it bestjoer fuortdaliks nei it passearjen fan de akte dêr't dit karbrief diel fan útmakket út de neikommende persoanen yn de funksjes dy't achter harren nammen oanjûn binne:
 1. de hear Liuwe Westra, wenjend yn 8823 SX Lollum, Waaxenserweg 2, as foarsitter;
 2. frou Tietje Hibma, wenjend yn 8831 XX Winsum, Spannumerdyk 1, as skriuwer;
 3. de hear Pieter Miedema, wenjend yn 8702 BD Bolsward, Berkenbrug 7, as ponghalder;
 4. de hear Douwe Gerbens, wenjend yn 9033 WD Deinum, Marssumerdyk 3, as lid;
 5. frou Antoinette Elisabeth Schetter, wenjend yn 9255 JH Tytsjerk, Boskloane 10, as lid;
 6. de hear Warner Veltman, wenjend yn 9064 KC Aldtsjerk, Van Sminiaweg 25 D, as lid;
 7. de hear Eelke Goodijk, wenjend yn 9145 SP Ternaard, Van Sytzamastraat 3, as lid.

Slot akte

FAN IEN EN OAR IS DIZZE AKTE

passearre yn Jorwert op de datum yn it haad fan dizze akte neamd.

De ferskynde persoanen binne my, notaris, bekend, en de identiteit fan de ferskynde persoanen dy't by dizze akte behelle binne, is troch my, notaris, oan de hân fan de niisneamde en dêrta ornearre dokuminten fêststeld.

Foar it passearjen fan de akte, is troch my, notaris, de saaklike ynhâld fan de akte oan harren

opjûn en taljochte. De ferskynde persoanen hawwe ferklearre om op folslein foarlêzen fan de akte gjin prijs te stellen en, tidich foar it passearjen in konseptakte ûntfongen te hawwen en fan de ynhâld fan de akte kennis nommen te hawwen, en wiisd te wêzen op de gefolgen, dy't foar partijen út de akte folgje. Dizze akte is beheind foarlêzen en daliks dêrnei ûndertekene, earst troch de ferskynde persoanen en dêrnei troch my, notaris.

E.Jongstra, P.Hekstra, W.Koehoorn, H.T.Wagenaar, G.S.v.d.Hem